




Werhelprik tsjin koroana



Koroana is noch net fuort.
Noch hieltyd wurde
minsken siik troch it
koroanafirus.



In prik tsjin koroana
beskermet dy foar in
sjoftke tsjin dat firus.



Wierskynlik hast de
koroanaprik al in pear kear
krigen. Krigest doe in prik
yn dyn boppe-earm.



Nei in sjoft wurket de prik
net mear sa goed. Dêrom
kinst in werhelprik krije.



Troch de werhelprik tsjin
koroana bist wer beskerme
tsjin koroana.




De werhelprik soarget
datst net hiel siik wurdst.
Of datst net nei it sikehûs
hoechst troch koroana.



Asto sûn bliuwst en in soad
oare minsken ek, kinne de
minsken dy't yn it sikehûs
wurkje wer oare minsken
dy't siik binne helpe.



En as in soad minsken sûn
binne, kinne bygelyks treinen
riden bliuwe en skoallen,
restaurants en kafees iepen
bliuwe.



Guon minsken krije in útnûging
foar de werhelprik. Oaren kinne
op ynternet of yn de krante lêze
wannear't se de prik helje kinne.



Meist sels kieze oftst
de werhelprik nimst of net.
De prik is fergees.



Folgje nei de ekstra prik noch hieltyd de
advizen: ast koroanaklachten hast, bliuwst
binnen en dochst in selstest om te sjen oftst
koroana hast. Waskje geregeld de hannen
en set ek alle dagen efkes in rût iepen.